

Bijlage HAVO

2016

tijdvak 1

Fries

Tekstboekje

Tekst 1

Boeveferhalen fan de strjitte

(1) Freegje Hugo Roossink (44)
wêrom't er sa graach mei
plysjehûnen wurket en do hearst in
swiere sucht. "Min út te lizzen. It is
5 warkjen mei libben guod, no? Do
kinst altyd op de hûn oan. In
tsjinstthûn is in geweldsmiddel, mar
benammen in geweldich middel. Ik
hear wol fan minsken dat sy leaver
10 mei pepperspray of de kneppel
oanpakt wurde, as dat sy troch in hûn
biten wurde."

(2) "Hâld dy de waffel, hy hat in hûn",
sei okkerdeis in relskopper tsjin syn
15 maat, doe't Hugo deroan kaam. De
hûnebegelieder hie sels syn
Mechelske harder Breton net iens
by him, mar allinne al it tinken oan de
bek fan it bist wie genôch. As de
20 situaasje út de hân rint, is de driging
fan in plysjehûn faak foldwaande.
Mar soms, as arrestanten 'ûnder de
pillen sitte', is dat oars. Hugo: "Ik wit
noch dat ik immen oanhold by rellen
25 yn Ljouwert." De fertochte bleau
rêstich stean as wie der neat te
rêden, mei de lange tosken fan de
gromjende harder yn syn earm. Hugo
docht de arrestant nei, dy't sei: "Hee,
30 wat moatsto no? Helje dy hûn ris
los." Skodholjend: "Dy fint wie swier
ûnder ynfloed. Dy fieldé neat." Drûch
deroan taheakjend: "Letter wol
fansels."

35 (3) Yn septimber foarich jier begûn
Hugo mei it publisearjen fan syn
Verhalen van de straat op ynternet.
Syn blog wurdt troch in protte
minsken lêzen en jout in goed
40 ynsjoch yn it plysjewurk.

(4) Nim it ferhaal oer it oanhâlden fan
trije fertochten fan strjitrôf. Ien fan de

arrestanten wie troch kollega's mei
hânboeien oan in lantearnepeal
45 fêstmakke, sadat de plysjemannen
harren hadden frij hiene om de beide
oare rôvers op te speuren. Hugo op
syn blog: "*One down, two to go.* Ik
besocht sa fluch mooglik om it
50 wenningblok hinne te rinnen. Myn
tsjinstthûn bleau kreas neist my." As
er mei de hûn de hoeke om fleanen
komt, sjocht er de earste fertochte
earst noch by de lantearnepeal
55 stean. Mar ynienen besiket de man
mei de hânboeien om yn de peal te
klimmen. Hugo skriuw: "Ik wit net,
hoe't er it hie, mar it slagge him
samar." Letter joech de fertochte ta
60 dat er deabenaud is foar
plysjehûnen.

(5) Hugo hâldt fan syn wurk en fan
syn hûnen, dy't er syn maatsjes
neamt. Buck, dy't er tolve jier lyn
65 krike, wie syn earste tsjinsthûn.
Kreas wie er net. Hy wie hiel meager
en der wie in stikje fan syn sturt ôf.
Op it werk seinen se: "No, dat koe
wolris in earsten miskeap wêze."

70 Buck wie jong en grien. En Hugo, dy't
krekt in oplieding ta hûnebegelieder
ôfmakke hie, wie dat ek. Hugo fol
leafde oer Buck: "Letter hie ik der in
superhûn oan." Dérnei kaam Barry,
75 dy't net alhiel foldie by it *Urban
Search en Rescue Team*. By dizze
organisaasje moast er ûnder it pún
nei slachtoffers sykje. Hugo: "Barry
fûn yndied slachtoffers, mar hy hie in
80 ôfwiking. As er ien fûn, dan tocht er:
dat is myn proai en dy fret ik no op."

(6) Barry draaide in moanne proef by
de plysje yn Noard-Hollân, mar dêr
koene se ek neat mei him beginne.

85 Hugo: "Menear harke net." Pas nei
njoggen moannen akseptearre Barry
syn gesach. Nei flinke ynestear-
ringen (hy hat hiel wat tiid mei him yn
de kennel trochbrocht) kaam Barry
90 op in dei op Hugo ta. "Hy treau de
kop ûnder myn hân as woe er sizze:
aai my mar. Dérnei koe ik alles mei
him wurde."

(7) Sitaat fan de blog, oer it
95 oanhâlden fan in man dy't hielendal
fan slach yn in sleat lei: "Dêr lei dy
manspersoan, midden yn de sleat
mei de holle nei ûnderen ta yn it
wetter. Ik joech fia de portofoan troch
100 dat ik him fûn hie. Mar Barry hie mar
ien doel: dy is fan my, dat is myn
proai. Ik hie hâlden en kearen om de
hûn op de wâl te hâlden. Ynienen
kaam de holle fan de man omheech.
105 Ik skynde him mei de lampe yn it
gesicht en sei tsjin him dat ik fan de
plysje wie en dat er út it wetter
komme moast. De man betocht him
gjin momint, die de mûle iepen en
110 stuts de holle wer ûnder wetter." De
arrestant woe himsels fersûpe. Hugo
beskriwt hoe't er aan de mul ta yn it
wetter stiet en dat de man op him yn
begjint te slaan. "Ik waard lilker en
115 lilker. Kollega's woene net troch de
feart hinne, myn tsjinsthûn woe de
man wol opfrette en de

plysjehelikopter hong boppe ús mei
in sykljocht." Uteinlik skeakelet er de
120 man mei 'in berekkene fûstslach' út.
En it falt dêrnei noch net iens ta om
mei de arrestant en 'de tsjinsthûn dy't
foar de prestaasje giet' út de sleat te
kommen. Mar it slagget.
125 (8) Net elkenien by de Fryske plysje
wie fan it begjin ôf oan entûsjast oer
syn blog, jout Hugo ta. Mar wêrom
soe er net oer syn wurk skriuwe
meie? "Fansels soargje ik derfoar dat
130 ferhalen net werom te lieden binne."
Hugo hâldt fan nije media lykas
Twitter. Boargers moatte witte, wat
de plysje doch, fynt er. Kennis
kweekt begryp. Hiel faak heart er
135 minsken lytsachtsjend sizzen as sy
mei him te meitsjen krie: "Fang mar
boeven." Hy fangt genôch. It stiet
allegearre op ynternet. Yn de
ferhalesearje fertelt er oer grappige
140 foarfallen, mar ek oer de drama's dy't
er meimakket. Oer it jonkje fan in
kollega bygelyks, dat ûnder in
jiskewein kaam. Sokke ûnderfiningen
145 panne', seit er. "As der bern by
belutsen binne, dan komt soks hiel
hurd oan. Dat jildt foar elkenien. Dan
bist bliid datst jûns dyn eigen bern yn
harren bedsjes lizzen sjochst."

naar: Jantien de Boer, *Dagblad van het Noorden*, 27 februari 2014

Tekst 2

Absolút ûnthalde is earder in ferskrikkking as in foardiel

(1) Der binne minsken dy't net ferjitte kinne. Sy kinne harrensels alles yn it sin bringe, oant yn detail. Freege harren wat sy op 24 augustus 1987 5 moarns ieten en sy witte it. Sy witte noch watfoar klean oft se op 11 april 1993 oan hiene. Dat sy dy middeis bananen kochten. Dat it doe lichtsjes reinde.

10 (2) Gjin momint giet ea foarby. Hypertymesia hijt sa'n oandwaning. It giet dêrby om in harsenôfwiking dy't soarget foar in feilleas autobiografysk ûnthalde. Oer de hiele wrâld hawwe 15 ûngefear fiifentweintich minsken der lêst fan. Wat der krekt yn harren harsens bart, is net bekend.

(3) Alles noch witte, fan elke dei, fan elke tel, is foar in protte minsken de 20 ultime dream. Want wat is in libben oars as it oantinken deroan? Wy witte, wa't wy binne, omdat wy witte wa't wy wiene, wat wy earder fielden en tochten, wat wy allegearre dien 25 hawwe. De dingen dy't wy fergetten hawwe, hiene likegoed net barre hoegd – it is letterlik ferlerne tiid.

(4) Okkerdeis brocht myn freondinne my yn 't sin dat wy yn Boedapest 30 oppakt waarden yn de tram. Plysjemannen mei gewearen hellen ús derút. Wy moasten ús paspoart ynleverje, der waard in protte raasd. Uteinlik koene wy ús noch út dy 35 situaasje rôde mei help fan ús sjarme. "Witst it noch?", frege sy. Nee, ik hie gjin flau idee.

(5) Foar de mear as sân miljard minsken dy't gjin lêst fan 40 hypertymesia hawwe, hat it ûnthalde syn beheiningen. Om it ferline fêst te hâlden, struktuer yn it libben oan te

bringen, hawwe wy dêrom helpmiddels nedich. Helpmiddels yn 45 de foarm fan technyk. Want dat is wat technyk docht: dy kompensearret ús tekoartkommingen, makket ús flugger, sterker en yntelliginter. Auto's binne in ferlingstik fan ús skonken, heftrucks fan ús earms. Ea wiene pinne en papier in ferlingstik fan ús brein: wy wikselen der ûnderfiningen en ideeën mei út. Tsjintwurdich hawwe wy dêr in 55 ferbettere ferzje foar: bits en bytes.

(6) As myn freondinne en ik doedes-tiids in *smartphone* hân hiene, soene wy in *selfie* makke hawwe mei de plysjes derby op. Dan soene wy de 60 foto op Facebook set hawwe mei gâns *smileys* en hertsjes derby. It momint soe foargoed bewarre bleaun wêze. Of noch better: hjoed-de-dei hie ik Autographer of Memoto hawwe 65 kinnen, de lytse *clip-on-kamera's*¹⁾ dy't om de pear tellen automatysk in foto meitsje. Dan hie ik no in soarte fan fotostrip hân fan dy middei yn Boedapest.

70 (7) Autographer en Memoto meitsje diel út fan de *quantified-self-trend*: fia alderhande apps, polsbantsjes en pleisters lizze hieltyd mear minsken harren deistige gong fan saken fêst.

75 Hoefolle stappen oft sy alle dagen sette, hokker rûte dêrby ôflein wurdt, wat iten en dronken wurdt en wat dat mei de hertslach en de bloeddruk docht. Alle gegevens wurde

80 automatysk opslein yn in kompjûter. Oer tsien jier witte wy noch presys alles oer ús moarnsitien fan 24 augustus 2014. Wy meitsje der in sport fan om alles op te slaan. Dat is

85 wat wy kenlik wolle. In libben dêr't neat yn ferlern giet. De fraach is allinne wat dat mei in minske docht.
(8) Okkerdeis moast Google Earth in byld ferwiderje dêr't in lyk op te sjen 90 wie. In jonge fan fjirtjin jier waard op 15 augustus 2009 neist it treinspoar tusken North Richmond en San Pablo yn de Feriene Steaten fermoarde, krekt op de dei dat de Google Earth-95 auto dêr lâns ried. De heit fan de jonge die syn beklach: "As ik dat byld sjoch, is it krekt as is it juster bard." Tsjin better witten yn socht er hieltyd de foto wer op.

100 **(9)** "It is as rin ik om mei in iepen boarstkas, it docht altyd sear", sei Jill Price ris by de Oprah Winfrey Show. Price is bekend as earste vrou dy't de diagnoaze hypertnesia krigie. Oan 105 Oprah fertelde sy alles oer rûzjes, teloarstellingen en misledigingen dy't sy mar net ferjitte koe. Sy koe har elk misledijgend wurd yn it sin bringe. It wiene wurden dy't har alle dagen op 110 'e nij sear diene. Neffens har wie it dreechste om te learen hoe't sy

omgean moast mei in likens dy't nea saksearre.

(10) Technysk besjoen liket de 115 minske miskien ûnfolslein, in ding dat foar ferbettering fetber is. Mar ús ûnthalde lit ús net om 'e noct om 'e steek. Wy ferjritte de saaie dingen sadat wy ússels net saai fine. Wy 120 ferjritte de hurde wurden dy't wy sprutsen hawwe, sadat wy ússels hieltyd wiismeitsje kinne dat wy aardige minsken binne. Wy ferjritte alle pine en fertriet, sadat wy net fan 125 in brêge springe.

(11) Ut de gaos fan losse mominten distillearje, fantasearje en lige wy in gearhingjend ferhaal byelkoar oer ússels om mei ús libben fierder te 130 kinnen. En súnder mis giet dêrby in hiel protte moais ferlern. It bierke dat wy dronken yn de kroech, it dêrop folgjende ynteressante petear mei in unbekende, oppakt wurde yn 135 Boedapest. Mar dat is it wurdich. Om optimaal libje te kinnen, hjir en no, moatst ferjritte kinne.

naar: Marian Donner, NRC, 11-12 januari 2014

noot 1 lytse kamera's dy't oan 'e klean befêstige wurde kinne

Tekst 3

Studearje dogge jo net foar de aardichheid

(1) Dé miste kâns fan 2013 is it net trochgean fan it foarstel fan de steatssekretaris fan ûnderwiis om twû-learlingen dy't hiel goed
5 prestearje, in cum-laudediploma helje te litten. Spitiġernôch is dat foarstel op neat útrûn.

(2) Dy eksplisite oandacht foar topprestaasjes is neffens Jeroen van
10 Baar 'in streekrjochte ramp' foar de sljochtweihinne studint. Der soe in prestaasjegeneraasje sùnder gewoane studinten úntsteat. "De Nederlânske studintetiid, dy't
15 ferneamd wie om syn soargeleazens en dy't romte joech aan selsûntjouwing fan de studint, is ferfongen troch in kompetitive kultuer dêr't it allinne mar yn giet om it
20 sifermjittich útblinken", skreau de histoarikus.

(3) Neffens my hat it Nederlânske heger ûnderwiis krekt wol belang by it mear rjochte wêzen op de
25 prestaasjes fan syn studinten. Us ûnderwiis stiet te folle yn it teken fan it hedonisme: de stûdzje moat oantreklik wêze en foaral net lestich en dreech. Eksellinsjebefoarding
30 foar in lytse groep fynt al plak yn de foarm fan de University Colleges yn Utrecht en Amsterdam. Mar wêr bliuwt de stimulearjende oandacht foar de brede groep fan studinten?

35 En kin dat net troch ienfâldichwei mear eleminten fan in prestaasjekultuer foar elkenien yn te bouwen?

(4) Spitiġernôch hat de polityk allinne mar each foar ûnderwiisynnovaasje.
40 Underwiis en fernijing binne in pear begripen dêr't Nederlân stadichoan bekend om stiet. It resinte WRR¹⁾-

rapport *Naar een lerende economie* slút dêrby oan. De WRR leit de klam 45 op 'leare te learen'. Neffens de WRR is der in yvestearring fan miljarden nedich. It safolste boartersguod kin fan stål helle wurde.

(5) Opfallend is dat benammen it
50 ûnderwiis yn de Dútsktalige lannen folle minder te lijen hat fan wikselingen fan didaktyske foarmen en fakkepakketten. Dochs is krekt yn dy lannen de wurkleazens ûnder de
55 jeugd folle leger as earne oars en bloeit de ekonomy. Moatte wy echt trochgean mei ûnderwiisynnovaasje? Dy Nederlânske krupsje fan veranderitis hat de ûnderwiissektor
60 sùnt desennia fêst yn 'e klauwen.

(6) Nederlânske studinten binne faak net bot motivearre. Ut ferlykjend
undersyk docht blikken dat sy
65 gemiddeld net in soad tiid oan harren stûdzje besteegje en de minst
motivearre studinten fan Europa
binne.

(7) Undertusken hawwe hegeskoallen en universiteiten mear as tsien
70 prosint bûtenlânske studinten. Harren oanwêzigens hâldt de Nederlânske studinten in spiegel foar. Sy komme
faak foar in grut part út Dútslân en Sina. Benammen dy studinten binne
75 wend oan in systeem dêr't in heech
sifergemiddelde beskiedend is foar
de takomstkânsen. Dy studinten
foarmje foar hiel wat opliedingen de
krinten yn de brij. Sy stekke mei
80 harren motivaasje oare studinten
aan. Sa wurde bûtenlânske studinten
mei klam frege om op ayo²⁾-plakken
te sollicitearjen. Sy nimme yn de

eksellinsjeprogramma's ek de
85 measte plakken yn.

(8) Sûnt de jierren santich fan de foarige iuw is it ûnderwiis wol hiel bot yn de besnijding kommen fan it hedonisme. Dêrby stiet de passy fan 90 de studint op it foarste plak. De kar fan de oplieding wurdt dêrtroch yn Nederlân besjoen as de alderyndividueelste ekspresje fan de emoasjes fan de studint. It oanbod 95 fan opliedingen folget de ynteressen fan studinten. Merkoriïntaasje hjit dat dan. De arbeidsmerk soe de trochslach jaan moatte. Wy soene mear studinten opliede moatte foar 100 technyske en natuerwittenskiplike beroppen. Us Dûtske buorlu jouwe it goede foarbyld.

(9) Yn Nederlân wurdt ûnderwiis as in soarcharranzjemint oanbean. Mei in 105 protte begelieding wurdt it Nederlânske skoalbern nei syn diploma ta begelaat. De swakkeren

moatte de einstreek ek helje. It ideaal fan heger ûnderwiis foar de massa 110 hat mei al syn goede bedoelingen ta ûnbedoelde effekten laat. Troch dat bepopkjen is der gjin romte mear foar it nimmen fan eigen inisjatyf en fan de eigen ferantwurdlikens. Dat liket 115 net op te fallen. By al dy ûntwikkelingen is frijbliuwendheid de reade tried. Midsmjittichheid en in gemaksuchtige stûdzjekar binne it gefolch.

(10) It mear rjochte wêzen fan it Nederlânske heger ûnderwiis op prestaasjes troch inisiativen as dy fan de steatssekretaris kin ús 120 kennisynstellingen nije ambysjes jaan. Studinten kinne mear út harren stûdzje helje as no it gefal is. Dat is better as de safolste feroaring fan ûnderwiiskonsepten. De keizer hoecht net hieltyd wer nije klean te 125 krijen.

naar: Herman Blom, NRC Next, 7 januari 2014

noot 1 De Wetenschappelijke Raad voor het Regeringsbeleid (WRR) is in ûnôfhinklike tinktank foar de Nederlânske regearing.

noot 2 In assistint yn oplieding (ayo) is in meiwurker oan in Nederlânske universiteit dy't yn in tiidsbestek fan fjouwer jier besiket te promovearjen.

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen.

Het College voor Toetsen en Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.